



ALD GROU YN FOTO'S

Hjirboppe in gesicht op it „Lytse plein” en de „gedempte Waagshaven”. Dit haventsje roun foar de bakkerij fan Hiemstra (rjochts efteroan) lâns en hie it ein sawat bij Palstra syn garaezje.

Rjochts noch krekt to sjen de lantearne oan de waech. Yn nov. 1898 wurdt oanbistege it tichtsmiten fan de haven en „het maken van een aanlegkade”. Dit wie net de Neie Kade hwant dy wurdt pas tritich jier letter oanlein.

Oan de Weachshaven stie sûnt 1843 it brânsputtenfabryk fan de Fa. v.d. Ploeg. It brânt yn 1899 ôf en dan wurdt in hiel nei fabryk boud oan 'e Stasjonsdyk (nou transportbidriuw Kooiker). Om ec. redenen wurdt it fabryk yn 1917 oerbrocht nei Apeldoorn.

It tredde hûs lofts - boud yn 1790 - moat yn 1910 plak meitsje foar it „onder architectuur gebouwde heerenhuis” dêr gem. secr. S. Dijk wenne en letter fêdokter Siebenga.

It winkelhûs op 'e foargroun sil net lang nei it nimmen fan dizze foto ôfbrutsen wêze. Hette Boonstra hie der letter lang in Krûdenierswinkel hawn.

Tank foar de tastimming foar it pleatsen fan dizze foto komt ta oan Sybren v.d. Vlucht fan Wergea. Neibistellingen bij Boekhannel Friso.